



# Wenje yn Easterein

It bestjoer fan Doarpsbelang Hald Faasje noeget jim út om meielkoar te praten oer

## Winsken en ideëen rûnom takomstige wenningbou yn Easterein

**Op woansdei 18 maaie, jûns 20.00 oere bij Bergsma Easterein**

Fan jim as ynwenners wolle we graag heare hoe't jim tsjin de takomstige wensitewaasje yn Easterein oansjogge. Want draagflak en meitinken út it doarp leit de basis foar ús ynset.

Troch de jierren hinne hat Easterein kans sjoen om nijbouplannen op te starten en wenningen bij te bouwen. Foaral it plan "Boomgaard" hat foar in fikse útbreiding soarge. It is yn trije fasen utfiert. Yntusken is dit plan ek folslein folboud.

Alle nijbou fan de lêste 25 jier hat der net foar soargje kind dat it ynwennertal fan Easterein groeit. Dat bliuwt sûnt jierren hingjen om de 970 ynwenners. De húshaldingen binne lytser en ek it tal ienpersoans bewenning nimt ta. As bestjoer tinke wij dat it foar "de leefberens" fan it doarp belangryk is om it ynwennertal op peil te hâlden. En dan is der noch wol ferlet fan wat nijbou. Mei troch it groeiend wenningtekoart yn Nederlân, lykje der no mear kânsen te kommen foar doarpen dy't mei goed ûnderboude plannen komme.



It bestjoer sjocht jim graag op dizze jûn,

*Berend Santema, Henk Duimelaar, Wouter Develing, Katharina Veenstra, Sjoukje van der Eems, Simon van der Velde en Sjouke Strikwerda*